


De groep fan juf Pyt



Lida Dykstra

Laurentien van Oranje





Kolofon

Lida Dykstra en Laurentien van Oranje: De groep fan juf Pyt. Op it Poadium diel 2

ISBN 9789085168058

NUR 200 – Berneboeken algemien

Leeftiidsyndikaasje: groep 4-5

Yllustraasjes & foarmjouwing: Marion Vrijburg

Oersetting: Lida Dykstra

Dizze publikaasje is mei mooglik makke troch de Bibliotheek Noord Fryslân en de provinsje Fryslân.

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

© 2024 Utjouwerij B for Books B.V. Hilversum

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, scan, mikrofilm of op hokker oare wize dan ek sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

Ynhâld

Mei-inoar teäterlêze	5
Groep 4 hjir!	9
Us groep is hiel...	
DROK	11
HONGERICH	15
FRYSK	23
STOER	29
KREATYF	35
GRIEN	41
OARSOM	47
WAB	53
FEILICH	57
MUZIKAAL	65
TÛK	69
LETTERFRETTERICH	73
TAALFEARDICH	77
BLIID	83
Taalschatten	88

Mei-inoar teäterlêze!

Mei-inoar teäterlêze is mei in ploechje foarlêze oan in publyk. Do lêst foar mei in maat of freondintsje, mei mem of heit of mei bern út dyn groep. Of miskien wolle pake of beppe wol meidwaan!

By teäterlêzen lêst foar mei it boek yn de hân.

Hoechst gjin spesjale klean oan te lûken, of in achtergrûn te hawwen. It iennichste datst nedich hast, is dyn stim, en in publyk fansels.

Ferjit net nei ôfrin djip te bûgen.

It applaus is foar dy!

Yn dit boek steane fjirtjin ferhalen mei twa, trije of fjouwer rollen.

Boppe elk nij ferhaal kinst sjen watfoar rollen der binne.



Bas



Lotte

Groep 4 hjir!

Hoi! Wy binne groep 4 fan De Reinbôge.
Mei ús nije ynfaljuf.
Se hat it hier fan in ienhoarn.
En se hjit Pytrikje.
Dêr rekket ús tonge fan yn 'e knoop.
Dus wy neame har juf Pyt.





Us groep is hiel DROK



Bas



Juf



Lotte

Bas Juf, ik moet juf efkes warskôgje.

Juf Hoesa?


Bas Wy binne in hiel drokke groep.

Lotte Dat is sa, juf.
Us oare juf raasde faak lûd.
Oars kaam se net boppe ús út.
Se sei dat se gek fan ús waard.

Juf Echt wier?
Mar hoe drok binne jim dan?


Lotte

Ik kin hiel falsk sjonge.
Tra la la lááá!



Bas

Ik kin in plysjewein neidwaan.
Taaa-túú. Taaa-túú.




Lotte

Wit juf watfoar fûgel dit is?
Oehoe! Oehoe!
En dizze?
Roekoe! Roekoe!

Bas


Ik kin skrieme as in poppe.
Dat haw ik fan myn suske leard.
Wèèèh! Wèèèh!



Juf O wau. Dat is wol drok, ja.
Mar gek wurd ik net, hear.
Want dat bin ik al.

Lotte Wat seit juf no?
Is juf al gek?

Juf Jawis.
Gek op drokke bern.
Wa kin op syn fingers fluitsje?
Net ien?
Moai!
Earst sille wy oan 'e slach.
En dêrnei jou ik fluitles
yn 'e pauze!



Taalschatten

Yn dit boek bist in soad Taalschatten tsjinkommen. Ik hoopje datst it moai fûnst! Fernimst fêst alle dagen hoe belangryk taal is. En it leit sels de basis foar sukses en gelok!

Dêrom wurkje we der mei in hiel soad minsken sa hurd oan dat alle bern, ja echt álle bern, de kâns ha om goed te wêzen yn taal.

Dat is bêst in grutte put en dêr kin ik dyn help goed by brûke. Hast noch in lyts broerke of suske? Praat dan safolle mooglik mei harren, ek al binne se miskien noch te lyts om wat werom te sizzen. Want hoe mear wurden en sinnen dyn broerke of suske hearre as se noch hiel lyts binne, hoe makliker it skielk op skoalle giet. Wy neame dat taalwinning. Dat is in superkracht dy't derfoar soarget datst de taal om dy hinne learst te begripen. It helpt dy om freonen te meitsjen, sûn te bliuwen, te praten oer watst tinkst en fielst en letter in moaie baan te finen!

Help mei en jou dyn superkracht troch oan oaren, want sa wurdt elkenien sterker yn taal!

Prinses Laurentien
Inisjatyfnimmer Taalschatten

